

## Les 7

### 7.1. Stavering

*Underwiislearmiddels*: sjoch les 1.

#### 7.1.1. Staveringsopdracht

Besykje om sûnder boarnen de ûndersteande wurden goed te staverjen.

A. Folje yn: ie/ji - ea/je - oa ('wa') - uo.

- |                         |   |
|-------------------------|---|
| 1. st...nkrobbe         | 16. p...llen ('palen')                  |
| 2. b...mwâl             | 17. h...zzen ('kousen')                 |
| 3. s...llen             | 18. h...dden ('hoeden')                 |
| 4. st...lmakker         | 19. h...sf...tlings ('op kousevoeten')  |
| 5. st...lkje (basearje) | 20. h...lwei wêze ('halverwege')        |
| 6. k...mmerke           | 21. b...skje ('trouwen')                |
| 7. b...rkerij           | 22. kr...dfol ('een kruiwagen vol')     |
| 8. d...rren             | 23. pr...mmen ('breinaalden')           |
| 9. p...llen (dobben)    | 24. str...tte                           |
| 10. sk...ppeflues       | 25. j...ske ('as')                      |
| 11. k...zzich           | 26. ...rke ('woerd')                    |
| 12. minderj...rrich     | 27. h...ljûn hâlde                      |
| 13. hurdh...rrich       | 28. húshâldik ôf...rt ('huisvuil')      |
| 14. l...ver [ljɛvər]    | 29. yn...rsten ('vooreerst, voorlopig') |
| 15. tr...dderich        | 30. gn...rrich (= ûntefreden)           |

Sykje, as jo twivelje by it ynfoljen, de regels en de goede foarms op yn *Stavering* (les 13).

B. Folje yn ûndersteande wurden de twalûden, dy't somtiden mei trije letters stavere wurde, yn: aai/ai - oei - oai - iuw/ieu - eau/iuw - eau/eo/eu.

- |   |  |
|---|--|
| 1. k...bosk ('sleutelbos')                          | 12. tr...e ('duwen')                       |
| 2. autok...ke                                       | 13. l... ('leeuw')                         |
| 3. fan 't m...tiid                                  | 14. sl... praat, hear!                     |
| 4. ik haw skr... (= honger)                         | 15. gr... ('kaan') [grjo.u]                |
| 5. sl...e (= te goedkeap wêze)                      | 16. r...ke (kop-en-pantsje) [rjo.kə]       |
| 6. ramp... (= stikken)                              | 17. ik bl... (notiid)                      |
| 7. ien h...e en tr...e (= op 'e lije side oankomme) | 18. ik bl...(doetiid)                      |
| 8. S...wen ('Zeeuwen')                              | 19. ik bin bl...n (mulwurd)                |
| 9. Hebr...sk  | 20. ik haw n...nte ('geneuried') [nō.əntə] |
| 10. m... ('meeuw'; 2 staverings, foarkar?)          |  |
| 11. k... ('kieuw'; 2 staverings, foarkar?)          |  |

Sykje, by twivel, de regels en goede foarms op yn *Stavering* (les 14).

C. Folje yn: au/ou.

- |  |   |
|--|---|
| 1. p...bl...                               | 9. dy kat m...ket                                       |
| 2. m...we                                  | 10. f...teuil   |
| 3. fr...                                   | 11. in d...(we)striker (wat is dat?)                    |
| 4. fûgelk...we                             | 12. in d...kert (wat is dat?)                           |
| 5. sa wyld as in geld t...ke (wat is dat?) | 13. dat slút as in d...k yn 't wetterfet (betsjutting?) |
| 6. it lân leit yn 'e s...we (wat is dat?)  | 14. hy b...wet net fan ien brims (betsjutting?)         |
| 7. it wetter s...sket my yn 'e skuon       | 15. ...berzjine   |
| 8. s...syske (= lyts woarstke)             | 16. hy is in w...ter of in skiep (betsjutting?)         |

Sjoch by problemen yn haadstik 15 fan *Stavering* en yn it wurdboek (WB-I)

## 7.2. Tiidwurden

### 7.2.1. Tiidwurde-opdracht

Ferbûgje sûnder boarnen de folgjende tsien sterke en ûnregelmjittige tiidwurden (alle persoanen, notiid, doetiid, mulwurd). Mij dêrby de eventuele swakke farianten: *plichtsje/pliigje, ploaitsje, priuwe, rêde, reitsje, rekke, ride, riede, riere, rite*. Ferlykje de útkomsten mei wat de oaren der yn jo groepke fan makke hawwe. Sjoch dêrnei yn *Tiidwurden* (s. 53-55) en de *Beknopte Friese vormleer* (s. 64-66).

Ferbûgje (thús) op deselde wize en earst wer sûnder boarnen de neikommende tsien tiidwurden. Mij wer de swakke farianten: *riuwe, roppe, rûke, siede, sjitte, skelde, skeppe (kreëarje), skiede, skoppe, slaan*. Ferlykje wer mei *Tiidwurden* (s. 56-58) en de *Beknopte Friese vormleer* (s. 64-66).

Lês jo ferbûgings fan de foargeande les nochris troch (ek dy fan it húswurk [!]) en s. 48-53 fan *Tiidwurden*.

### 7.2.2. Opdracht: skiedbere en ûnskiedbere tiidwurden

It Frysk hat tiidwurden dy't yn 'e regel *nèt-skiedber* brûkt wurde meie en wer oare tiidwurden dy't krekt *al skiedber* brûkt wurde moatte. Dêr kin men jin maklik mei fersinne by it skriuwen fan teksten. Om dy reden is it goed en jou dêr yn in opdracht omtinken oan.

### 7.2.3. Opdracht skiede of oaninoar

Brûk yn de ûndersteande sinnen de tiidwurden op in goede wize (frij nei *Styl en Stavering*, s. 68-69). De klam leit (ornaris) op it foarste part fan it tiidwurd.

1. De direkteur (*skodholje*) faak, as er ús oan it wurk seach.
2. Wy (*planksile*) ornaris op 'e Lauwersmar.
3. Samme (*ier(d)appelskile*) somtiden yn tsien minuten.
4. Niiskrektsa hat Rixt al wer (*noasbliede*).
5. Durk (*strjitwjudzje*) altiten allinnich.
6. Sa'n fertúntsje ('*oer*komme) my net alle dagen.
7. Op 'e Fryske Akademy ('*oer*lizze) wy alle dingen mei-inoar.
8. Wy hawwe alles dien om in ramp te ('*foar*komme).
9. Hâns ('*trochs*jen) de kweade foarnimmens fan Pyt no folslein.
10. Wêrom ('*oer*hearre [oer'*hearre* komt ek foar]) wy inoar de les net better?
11. Ik siet de hiele sneontemiddei te (*brieveskriuwen*).
12. Wy (*teedrinke*) alle middeis mei-inoar.
13. Tusken de middei (*kaartspylje*) se gauris.
14. Lytse bern (*blomkesykje*) graach.
15. Om dy rare smaak fuort te krijen, (*toskboarstelje*) Lammert wol in kertier lang.
16. (*Skuonpoetse*) do wol alle wiken?
17. Werom (*pianospylje*) do nea mear?
18. Arjen (*fuotfeie*) ear't er der ynkaam.
19. Te Berltsum (*beiploaitsje*) de skoalbern yn 'e fakânsje.
20. Ik (*krantlêze*) somtiden de hiele moarn.
21. De polysje ('*troch*sykje) de hiele buert
22. Dy sûplap raasde neat oars as: Ik ('*troch*stekke) dy!
23. Do ('*oer*freegje) my, heite! Dat kin 'k net betelje.
24. Alde beammen ('*troch*stean [troch'*stean* komt ek foar]) de stoarm en falle by stil waar.
25. Dêr (*itensiede*) se soms wol foar in pear hûndert gasten.
26. By ús thús (*skûtelwaskje*) de jonges eartiids ek wolris mei.
27. Fan it lange reinen ('*troch*weakje) de grûn.
28. De fijân ('*troch*brekke) alle stellings.
29. De fochte ('*troch*lûke) de hiele spûns.
30. Hja no kamen tichterby, omklammen syn fuotten en ('*oan*bidde) Him (Matth. 28:9).
31. Kees stiet op it paad te (*autowaskje*).
32. Tsjerk ('*oers*jen) it artikel noch efkes.
33. De kosten en de ellinde binne net ('*oers*jen [WB-I jout ek oer'*sjen* mar it *Wurdboek fan de Frysk taal*, dl. 15, nèt]).

Lês by swierrichheden par 5 fan *Tiidwurden* troch. WB-I kin ek help biede.

#### 7.2.4. Gearstalde tiidwurden en (ûn)skiedberens

1. In sin as \*‘Wittenskiplju *oersjogge* de totaliteiten gâns better’ kin ûnder ynfloed fan it Hollânsk maklik delskreaun wurde. De skiedbere ferba ‘*oersjen*’ en ‘*oersjèn*’ wurde yn de dielen oaninoar plakt as wie it ûnskiedber. Yn it sitaat hie stean moatten: Wittenskiplju *sjogge* de totaliteiten gâns better *oer*’. Dat it Hollânsk de skriuwer beynfloede hat, hoecht net yn ’e kiif te stean. It Hollânske ‘*overzién*’ hâldt de dielen ommers byinoar, wat ek oan it aksint, dat óars leit, te merkbiten is. In sintsje as ‘Zijn ongeluk is niet te *overzién*’ komt yn it Frysk dus sà foar de hearen: ‘Syn ûngelok is net *oer* te *sjen*’.

Sa’n gefal stiet net op himsels. Hoe faak heart men Friezen net sizzen:

\*‘Dat *oer*komt my net wer’, wylst it ‘Dat *komt* my net wer *oer*’ wêze moat. \*‘Se hawwe in probleem dat wol te *oer*kommen is’, moat wurde ‘[...] dat wol *oer* te *kommen* is’.

Tamminga jout yn syn *Op ’e taelhelling II* (126-128) in mannich foarbylden fan sinnen fan predikaten dy’t yn it Frysk útinoar falle, wylst dy yn it Hollânsk ûnskiedber binne:

‘Sa’n fertúntsje *komt* my alle dagen net *oer* (‘overkomt me niet iedere dag’); Sa’n ûngelok is net *foar* te *kommen* (‘niet te voorkomen’); Sokke negoasjelju *freegje* ornaris al *oer* (‘overvragen nogal’); Wy *lizze* alles tegearre *oer* (‘overleggen alles met z’n beiden’); Ik *seach* syn plannen folslein *troch* (‘doorzag z’n plannen’); De polysje *socht* it hiele hûs *troch* (‘doorzocht het hele huis’); Alde beammen *steane* de stoarm *troch* en falle by stil waar om (‘doorstaan de storm’); It focht *lúkt troch* de hiele spûns (hinne) (‘doortrekt de hele spons’); De earmbân *slút om* har pols (hinne) (‘omsluit haar pols’); En hja kamen tichterby en *beaen* him *oan* (‘aanbaden hem’).

Sytstra & Hof konkludearje yn harren spraakkeunst dan ek: ‘In het Friesch komt dus innige verbinding tussen bijwoordelijk gebruikte woorden en wwn. minder vaak voor dan in ’t Nederlandsch’ (s. 132). Hja jouwe as foarbylden: Sjoch dat *foar* te *kommen*; Wy *lizze* it mei-inoar *oer*; *Sykje* alles mar *troch*; Dat *komt* my net wer *oer*. Se wize derop dat foar foarms as *foarlêze*, *-lizze*, *-dwaan* ek wol *tefoaren* skreaun wurdt: Ik haw it him *tefoaren* lêzen; immen wat *tefoaren* prate, *tefoaren* lige; eat *tefoaren* komme.

2. Hoewol’t Wadman in sin as ‘Heit *krantlêst* en mem *hoasstoppet*’ wat seksistysk achtet (*Taaltûkelteammen, LC*, 19-6-1987), is it geef Frysk. Sa ek: Heit *piipstoppet* en mem *beantsjetriedder*; Heit *autowasket* en mem *húshimmelet*. Minder húshâldlik is: Heit *ringrydt* en mem *balgoait*. Alhiel net seksistysk is: Heit *noasbliedt* en mem *pianospilet*. Mar ôfsjoen fan it rollepatroan hawwe wy hjir te krijen mei tiidwurden mei in *ynsletten foarwerp* (objekt). Of oars sein: hannelings lykas it stopjen fan hoazzen, it lêzen fan kranten, it bespyljen fan in piano, it goaien fan in bal kinne yn it Frysk werjûn wurde troch in tiidwurd dêr’t dat objekt in ienheid mei foarmet, dus mei help fan in gearstald, net-skiedber tiidwurd. Yn ’e doetiid krije wy dan foarms as: *ik hoasstoppe*, *ik krantlies*, *ik pianospile*, *ik balgoaide*, ensfh.

Yn it Hollânsk is dat ûnmooglik: dêr wurdt it objekt yn ’e doetiid losmakke fan de tiidwurdfarm: ‘ik stopte (de) kousen, ik las de krant, ik speelde piano, ik gooide met ballen in de kermistent’ (of sokssawat). It tilt yn it Frysk op fan konstruksjes mei in haadwurd as earste lid fan sa’n gearstalling: *fuotwaskje*, *hierknippe*, *toskboarstelje*, *krinkjespuie*, *bûltsjeblyze*, *aaisykje*, *skuonpoetse*, *itensiede*, *sturtswylje*, *fuotfeie*, *brieveskriuwe*, *koffjedrinke*, *skûtelwaskje*, *bibellêze*, *ier(d)appeldolle*, ensfh. Yn it Hollânsk wurdt it substantyf almeast los skreaun fan it tiidwurd: ‘z’n haar wassen, schoenen poetsen, eten koken’. Foarms as ‘etenkoken’, ‘schoen(en)poetsen’ komme by Van Dale net foar en dus ek net doetiidsfoarms lykas ‘hij schoenpoetste’ en ‘zij etenkookte’.

Alhiel ôfwêzich is it ferskynsel yn it Hollânsk net. Tink mar oan: ‘ademhalen, gelukwensen, beeldhouwen, boekhouden, zieltogen’. Mar dy binne yn prinsipe skiedber: ‘hij haalde adem, zij wenste ons geluk, wij hielden boek’. Dat giet net altiten op: ‘hij beeldhouwde, zij zieltoogden’. Men kin twivelje oan de goede foarm by: ‘hij vierde zijn lusten bot’ en ‘hij botvierde zijn lusten’.

Yn it Frysk binne, foarsafier’t se foarkomme, al dy tiidwurden ûnskiedber. Dus: hy sykhelle, sy lokwinske, hy byldhoude, hy boekhâlde/-hold. No is it net altiten sa ienfâldich as it liket. By ‘lokwinskje’ kin men soms beide kanten út. Gysbert Japicx skreau al: Ick *winsck* Lân-Here *lock*, mey uwz nije Lân-Frou (dus net: Ick lockwinsck). Sa binne der mear fan dy subtiliteiten. As immen sizze soe: ‘Us pake fielspilet al fan syn sande jier ôf’, dan tinkt de iene oan in aktuele hanneling en is pake dus al in lange rige fan jierren oanienwei en sûnder lins oan it muzykmeitsjen. Mar faaks dat in oar dat oars oanfielt. ‘Pake spilet fioele’ soe dan betsjutte dat er de keunst fan it fielspyljen behearsket as in soarte fan *fermogen*, in *by steat wêzen ta*. Hoe’t it ek is, yn it Frysk skriuwe wy ornaris mei alle freugde fan ’e wrâld dat pake: *aaisea*, *autohimmele*, *autoried*, *bân(op)pompte*, *bânplakte*, *beamsnoeide*, *bûltsjeblyes*, *bôlesmarde*,

*bôlesnie, fuotballe, fuotfage, fuotwosk, grûnboarre, hantlange, hjerringfiske, hânbutste, hânwaarme, hinnebuorke, hynsteried, hongerlappe, ielstrûpte, kaartspile, koffjedronk, kopketommele, neilknipe, noasblette, noaspluze, noassnuet, piipsmoekte, reedried, rûtsjetikke, sykhelle, sjerpstriek, skiepmolk, skûtelwosk, skûtsjesylde, sleatsjebaaide, snieballe, sokstoppe, spinfuotte, spinreage, switfage, tomkesobbe, triedried en folle net genôch. En ek: Pake hat bêdopmakke, nachtrave/nachtraafd, deisein.*

Tenei dus net mear \*‘goed fuotten feie, mannen’, mar ‘goed fuotfeie’!

### 7.3. Taalregels en taaleigen

#### 7.3.1. Namfallen

Oan kasusfoarms is it Nijfrysk net ryk mear: yn de tiid fan it Aldfrysk wie dat wol oars. It measte is noch oerbleaun fan de twadde namfal (genityf). Wy ûnderskiede dêrby in sterke genityf (op *-s*) en in swakke genityf (op *-e*). Yn literêre taal komt in inkelde kear in swakke twadde namfal meartal foar: de Friezene taal; famne pronk. Yn ‘Eala fria Fresena’ docht inselde genityf tsjinst as *oansprutsen persoan* (fokatyf) (sjoch foar de twadde namfal op *-e*, op *-es* en op *-s/-’s/-’* ek de *Beknopte Friese vormleer*, 43-45).

A. De *sterke* genityf komt it measte foar. Yn it iental binne der sterke genitiven (op *-s*), bgl.:

1. Wat goeds, wat moais, wat âlds, neat nijers; wat foar raars is der bard?; hasto neat bettere te fertellen?; folle nijs is der net. Dy foarm komt it measte foar, ntl. by eigenskipswurden dy’t as haadwurden brûkt wurde.

2. Saneamde *possessive* genitiven (dy’t in beskate besitsferhâlding oanjouwe): omkes hoed, pakes horloazje, beppes earizer, heites lytse faam, buormans leed, syn wiifs mem, dominys hôf, âldfaars erf, maitiids myldens, it berntsjes widske, it jonkjes klomp.

3. Eigenaardich en ferâlderjend is it gebrûk yn foarms lykas: by dominys (= dominy-en-dy, by dominys folk of húshâlding) hawwe se praters, by masters, by de bakkers, ik moat efkes nei de fervers, nei heit en memmes ta, de jonge fan de bakkers (= fan de bakker-en-dy), de tún fan dominys. Ferlykje mei it Ingelsk: at the vicars, dêr’t û.o. de mooglikheid bestiet om mei de genityf in ‘gebou’ of in besitsfoarm oan te tsjuten: This is a photo of St Paul’s; My sister works at a travel agent’s; I must go to the dentist’s today; I ran into a few friends of Suzan’s; I read those letters of my uncles’s.

Ferl. ek *Beknopte Friese vormleer* (s. 27, 36): In selsstannich *dy* mei as twadde namfal *dy’s* komt foar yn meartallen as yn: ús beppe-en-dy kaam fan Wurdum; ús omke-en-dy’s fuormanderij; dat hûs is Aandle-en-dy’s. Fierders: Pake-en-har (‘grootvader en de zinnen’) hawwe dêr earst wenne; hasto pake-en-har noch kend? Dy groepen kenne ek in twadde namfal, bgl. Tsjibbe-en-hars herberge; selsstannich: dy timmerwinkel is Jan Rintsjes-en-hars.

4. Dat is heites en dat memmes. In sokke gefallen wurdt ek faak it besittlik foarnamwurd tefoege: dit is omke sines en dat is muoike harres.

5. Der is gjin riedens (beteljens) ein oan; dat is net folle aaps, net folle brets (‘gebroeds’).

6. By bywurdlike genitiven: moarns, jûns, nachts, dy deis, de oare simmers, de oare wyks, de tongersdeis, de middeis, hjerstmis, doetiids.

7. By eigennammen kin de *s* de genityf oanjaan:

a. Sytema’s reed, Waling Dykstra’s skriften (net by nammen mei ien wurdlid); Sytse hûs, Sjoukjes mem, Poai’s earizer, Harms Baukje.

b. Anne Piers (Anne is de soan fan Pier), Piter Jelles (Troelstra), Wytske Oenes (Jellema), Sytse Tsjerks (Hiemstra), Ipe Walings, Jaap Tytsjes (Jaap is de soan fan Tytsje), Jan Ankjes. De *-s* wurdt ferbûn oan de namme fan de heit of de mem, ek fan de man of it wiif/de frou. Waling Dykstra docht te witten dat it yn de greidhoeke net Pier Ales frou/boerinne is, mar Pier Ales, Jouke Sapes (‘altdy onder ljue dy’t yet frysk binne en wêze wolle’).

c. By Sytse; dat is Ruerdes; de feint fan Wytsma’s.

d. By ferlikings, as it foarwerp fan ferliking bekend is: Joukes is moaier as Annes, mar Geales is moaist.

e. Fryslâns marren (fan ierdrykskundige nammen); Ingelâns belangen.

B. De swakke genityf (op *-e* of sûnder útgong as it substantyf al op in toanswakke *-e* útgiet), bgl.:

1. By nammen fan famyljerelaasjes (sibbenammen): Pak heite fyts mar efkes; Hasto ‘Memme lytse wyldeman’ oersetten?; Beppe kralen en oarreheite pet binne wei; Dat is famylje fan memme kant; Pake pong (= de tsjerklike of oerheidsfinânsjes) is leech. Earder waard der ek wol in ’ (apostrof, weilitteken) efter setten as it namwurd al op in *e* útgong: Pake’ pong is leech; Hidde’ ôfskie wie dreech; Libje Sytse’ âlden noch?; Ynienen waaide omke’ pet yn ’e sleat; It wie juster beppe’ jierdei.

By in bedriging of sokssawat kin men ‘heite’ brûke: Sis ris, heite, dêr moastst ôfbliuwe!

Mar de sterke foarms (heites, memmes, sels: mems) winne oan, benammen by wurden dy’t al in *e* hawwe (pake, beppe, omke, muoike).

De Akkrumer folksdichter Willem Jehannes Koopmans hat ris in spotferske makke op dat taalferskynsel:

*Myn heite heite heit  
Wie âlde keapman Jisk.  
Myn heite heite mem  
âlde oate (= beppe) Fetsje.  
Ik stamje nuver ôf,  
Jim kinn’ dat no wol fetsje:  
Ik bin in berns-berns-bern  
Fan ’t âlde jiske-fetsje ...!*

2. Foar de oantsjutting fan de frou fan de man: Klaze Tryn (Tryn fan Klaas), Keze Sytske, Krine Syts (earder ek: Krine’ Syts), Bearne Gaits, Ruerde Gryt, Anne Geartsje (by foarnammen mei ien wurdlid of dy’t, ûnferoare, útgeane op *-e*); de jonge fan Pabe Tyt (= dy jonge fan Tyt fan Pabe) of Pabe Tite jonge (in dûbelde swakke genityf dus). By nammen fan ien wurdlid wurdt in *e* tafoege: Jan wurdt Janne en Pyt wurdt Pite: Pite Sikje.

As der mear wurdliden binne, dan kin dat net: \*Meinderte Gryt is dus net mooglik. Troch de fierdergeande defleksje nimt de *omskriuwing* fan de genityf wat langer wat mear ta. Yn pleats fan ‘omke(s) hoed’ wurdt dan sein/skreaun: omke *syn* hoed, de hoed *fan* omke; muoike *har* hoed, de hoed *fan* muoike; de kaai *fan* syn mem, Arjen *syn* fyts, ús famke *har* skoech; dat binne de boer *syn* guozzen net.

3. Foar de toponymyske oantsjutting fan stikken lân: Ate seize (Ate syn seize, in stik lân fan seis pûnsmiet), Kope lân en de Ljipomme wyk (Smellingerlân), Wytse Pite fean (= it fean fan Wytse Pyt = it fean fan Pyt fan Wytse; twa genityffoarms efterinoar).

4. Yn bibeltaal: des Heare (yn it Aldfrysk kaam ek *des Heren* en sels *des Herens* foar).

Tink om it brûken fan *besitlike* foarnamwurden: Binne dat dyn boeken? Nee, dat binne sines (sinen(t)). Mines (minen(t)) lizze hjir. Is dat mem harres?

By famylje-oantsjuttings wurdt gauris de *meartals*foarm brûkt, ek as it om de earste of twadde persoan inkeltal giet: Ik gean nei *ús* heit en mem; Hoe is ’t eigentlik mei *jim* omke-en-dy, ju? Dat is ek it gefal as ‘ik’ iennichst bern is, of as ‘ju’ slacht op de iennichste omke- of muoikesizzer.

In *s* is te sjen yn: in rikeljuswinsk, manljusfyts; rikeljus sykten en earmeljus pankoeken rûke fier; it is altyd fet yn oarmans skûtel, oareljus saken, in oars, in oar(r)emans, oar(r)emans (= fan in oar); heit-en-dy’s hûs, by Sjoerd-en-dy’s, heit-en-hars (*har* wurdt attributyf brûkt) pleats.

As yn ferbinings as pake-en-dy dat elemint *har* as besitlik foarnamwurd opfette wurdt, einiget de predikative of substantivyske foarm op *-harres*: Is dat hûs pake-en-harres? - Nee, pake-en-harres is ferkoft. (sj. ek: *Beknopte Friese vormleer*, s. 32, 33 of *Kurze Formenlehre*, s. 20).

Inkelde oerbliuwsels fan in âlde *tredde* namfal (fan âlds hiene manlike en ûnsidige wurden in *datyffoarm* op *-e*) binne as bestjurre foarm hingjen bleaun: telâne komme, terjochte bringe, tegoede hâlde, teneate gean, te nutte meitsje, tewille (ek: te wille) wêze, te moede wêze. Fierders ek: ter bede, ter eare, ta eare Gods, te fjilde, ter herte, te hove, te live, ten tide. *Beknopte Friese vormleer* (s. 43) jout: te fjilde, te lâne (telâne), te rjochte (terjochte); fan herten; *Goade* wolgefallich.

By it *lidwurd* is fan de bûging ek hast neat oerbleaun. Inkelde oerbliuwsels binne:

- in âlde *fjirde* namfal manlik iental (acc. masc. sing.) yn: op *’en* baan, op *’en* doer, út *’en* draaf, troch *’en* tiid, ta *’n* ein, op *’en* nij;

- in âlde *tredde* namfal froulik iental (dat. fem. sing.) yn: by *der* ein, by *der* hân, fan *der* hân, yn *der* ivichheid net;
- in âlde *tredde* namfal ûnsidich (dat. neutr. sing.) yn: yn 'e hûs, út 'e hûs = yn (út) *de* hûs (< Afr. in (ut) da huse);
- in *twadde* namfal (gen. fem. sing. of in gen. plur.) fine wy in inkelde kear yn literêre taal: Heit yn 'e himel! Hear *der* natoer (H. Sytstra); O skeinen *der* sneinen (H.G. v.d. Veen);
- yn de *twadde* namfal yn *eptige* of *ferheven* styl wurdt it *lidwurd* somtiden wol bûgd. It haadwurd kriget dan de inkelde *e* (it Hollânsk *en*): *des* Almachtige, *des* Heare, *des* minske, de hân *des* flitige, *der* frouwe.

De saneamde *emfatyske* kasusfoarm (op *-n*) komt foar yn *affektyske* uterings: foar den duvel!

### 7.3.2. Opdracht namfalsfoarms

Skriuw foar josels ris op hokfoar *kasusfoarms* oft josels (noch) brûke kinne/wolle. Praat yn de groep mei de oaren oer de motiven foar jo kar.

### 7.3.3. Opdracht ynterferinsjes yn foarnamwurden

Wy wolle yn de kommende paragrafen omtinken jaan oan in stikmannich ynslûpsels op it mêd fan de *foarnamwurden* (pronomina) dy't ek opdûke kinne yn literêre of wittenskiplike teksten. Ferbetterje de ferkearde foarnamwurden yn de ûndersteande sinnen.

1. Wy hawwe hun juster noch by ús buorlju sjoen.
2. Uze skoalle wurdt meikoarten ferboud.
3. Sy binne mei syn fiven.
4. Degene dy't holpen hat, is efkes fuort.
5. Litte wy it noch ienkear mei him besykje.
6. Soe de direkteur ús dêr yts mear oer sizze kinne?
7. Hun fakânsje is tagelyk mei uzes.
8. Myn mem wol dat net lije.
9. Wolle jo it mei-inoar ris besykje?
10. Us heit moat sich noch skeare.
11. Moat hy dat dwaan?
12. Yn de foarige ieu libbe men almeast yn earmoede.

Ferlykje jo ferbetterings mei dy fan de oaren yn jo groep. Lês no de ûndersteande paragraaf.

### 7.3.4. Foarnamwurden en ynterferinsjes (I)

1. Guon Friezen hawwe swierrichheden mei de meartalsfoarm fan it *persoanlik foarnamwurd jimme*. As hoflikheidsfoarm foldocht it harren blykber net. Se ferfange it dan troch *jo*, dat dêrmei lykslein wurdt mei it Hollânske *u* en dus syn funksje (semantysk) útwreidet ta it meartal. Dat is net goed: de hoflikheidsfoarm *jo* hat fan âlds wol it tiidwurd (de foarm) yn it meartal (jo *hawwe/rinne*), mar tsjut altyd in *iental* oan. *Jimme* jildt altiten foar mear as ien, it is betroulik en formeel. Ferlykje: Wolle *jo* it ris besykje? (tsjin ien persoan); Wolle *jimme* it ris besykje? (tsjin mear).

Oarspronklik wie 'jo' in tredde en fjirde namfalsfoarm en wie 'jy' (Holl.: 'jij') de âlde namfalsfoarm, mar dy is yn ûnbrûk rekke. Guon bern brûke 'jo' ek foar heit en mem, mar eins 'heart' (benammen by in titel of funksje) in hegere fatsoensfoarm brûkt te wurden mei help fan de tredde persoan: Wol *heit* (*mem, omke, pake, dokter*) my efkes helpe; Komt Wiger jûn ek? Sil *mynhear* net ynkomme? Rients Gratama hat yn ien fan syn konferensen it Frysk ris typearre troch dizze sin: Mem, wit mem ek wêr't mem it fytskaike brocht hat, mem? As jo dy sin ris yn it Hollânsk oerbringe, dan docht bliken dat Friezen mear 'memkje' as Hollanners. *Do* of *jimme* sizze tsjin heit en mem jout yn it Frysk (eins) gjin foech. Tsjin bern wurdt de tredde persoan ek wol brûkt: Kom *hy* hjir mar! Sliep *sy* mar moai, hear!

2. Wat de oansprekfoarms oanbelanget, is der mear ferskil tusken it Frysk en it Hollânsk. Yn it Hollânsk sprekke wy ien dêr't wy net al te fertroulik mei omgeane, oan mei 'mijnheer': 'Dag mijnheer' of 'Dag mijnheer De Jong'. Yn it Frysk wurdt (of waard al least fan âlds) yn sa'n gefal 'mynhear' weilitten: 'De Jong', 'Goeie De Jong'. Under ynfloed fan it Hollânsk begjinne Friezen dat hjoed de dei as ûnfatsoenlik oan te fielen. Op skoalle wurdt de learaar Frysk (ek) gauris mei 'mynhear' oansprutsen, eventueel mei de efternamme derby. Dat is dus winliken in *pragmatyske* ynterferinsje, omdat sa'n *oansprekfoarm* yn striid is mei it *wenstige taalgebrûk*. By froulju leit dat justjes oars: 'Dag mevrouw De Jong' neist 'Dei frou De Jong'. Yn it Frysk is dus net lykas by de manlju yn sa'n gefal allinnich de *fan* mooglik. Under ynfloed fan it Hollânsk tilt it yn it Frysk lykwols op fan de mefrouwen. De oansprekfoarm 'mefrou' wie yn it earstoan beheind ta de oare helte fan de notabelen (dominy, dokter, notaris), mar liket wat langer wat mear yn 'e swang te kommen foar froulju út alle maatskiplike lagen.

3. Sûnt de 18<sup>de</sup> ieu fine wy ek de foarm *ju* optekene, dy't (yn gemiensum of fertroulik gebrûk) as *oansprutsen* persoan (fokatyf) foar de twadde persoan iental (do en jo!) beskôge wurde kin. It is foar 't neist gjin foarnamwurd, mar in âld *haadwurd* mei de betsjutting fan 'húsgenoat', 'sibbe', 'miich': Toe *ju*, dat moatsto efkes dwaan: Kom no *ju*; Sis *ju*; Hark ris *ju*; Ik wol wol *ju*; Ei *ju*, rin nei de pomp! *Ju* is te ferlykjen mei: *freon*, *miich*, *heite*, *stalke* as fokatyf.

4. It *ûnbeskate* foarnamwurd 'men' hat yn it Frysk in oare ynhâld as it Hollânske 'men':

a. *Men* (ynklusyf de sprekker): *Men* soe(ne) sizze, hoe is it mooglik!; *Men* kriget altiten de skuld; *Men* wol ek wolris wat oars; *Men* moat altiten op *jins* iepenst wêze; *Men* moat *jin* net fersinne;

b. Men (as 'ik'): In oar kin mar wat om 'e stûken springe, mar *men* moat altyd bealgje; *Men* wit net mear hoe't *men* moat. In oar kin altyd mear as *men*.

Yn it Hollânske 'Men zegt, dat hij drinkt' rekkenet de sprekker him net ta dy 'men'. Yn it Frysk skriuwe wy dan fan: Hja/se/de lju sizze, dat ...; It sizzen is, dat ...; Der wurdt sein (ferteld), dat ...; Elts seit, dat ... De foarwerpsfoarm (datyf en akkusatyf) fan *men* is *jin* (en net \**sich*!): *Men* moat *jin* rêde kinne (sjoch ek: *Op 't aljemint*, 182-183 of *Beknopte Friese vormleer*, 36).

5. Tink der ek om dat by *enklitysk* (= efter in oar wurd [tiidwurd, bynwurd] stean; enklize, 'enclisis'= oansluting fan in wurd by it foarôfgeande mei *ferlies* fan *selsstannigens* en *klam*) gebrûk *hy* troch *er* en *hja/sy* troch *se* ferfongen wurdt as de klam der net op leit: Wêrom wol *er/se* net?; Doe't *er/se* kaam, wied *er/wie se* stil.

6. Yn teksten komt men gauris de konstruksje \*'Litte wy ('wol wêze', 'bidde', bygelyks). Yn it Hollânsk kin dat 'wij' der al ieuwenlang op troch, yn it Frysk net. It moat wêze: Lit *ús* (sa stadichoan ophâlde; earlik wêze; wol wêze, bidde). Itselde ferhaal jildt ek foar: \*Lit *ik* (wer nei Ljouwert gean). Frysk is: Lit *my* (wer nei Ljouwert gean).

Yn it hjoeddeiske Frysk hearre efter de hjittende of gebiedende foarm fan it helptiidwurd 'litte' fjouwer pronominale *objekt*foarms te kommen: lit *my*, lit *him* (*har*), lit *ús*, lit *har(ren)*. Tamminga (*Op 'e taelhelling* I, 127-130) wiist derop dat men yn de tredde persoan meartal ek gauris de (oarspronklike) *subjekt*foarm 'se' beharket: Dy bern binne net wizer, lit *se* mar gewurde. De oergong fan 'har(ren)' nei 'se' kaam al by Gysbert Japicx foar: Litse gnotje' in uwz belabbje ... Mooglik docht it taalgefoel dat om ferwikseling mei it froulike iental 'har' út te sluten. Ferlykje: Lit *har* dat wurk sels mar dwaan. 'Har' kin dan ek in frouspersoan wêze ynstee fan mear-minsken-tagelyk. Tamminga ûnderstelt dat de kar foar 'se' boppe 'harren' mei dy betsjuttingsûnderskiedende funksje te krijen hat en dat hjir ek in psychologyske ferklearring lizze kin foar it feit dat guon taalmisbrûkers langer 'hun' sizze, as se 'har' bedoele.

Yntern-Fryske krêften kinne lykwols ek ynfloed hawwe. As men in *ymporative* sin ferbynt mei in weromwurkjend tiidwurd (jin waskje, jin skeare, jin lulk meitsje, jin sjen te rêden, ensfh.), dan soene neffens it grammatyske foarskrift de sinnen der sa útsjen moatte: Lit *him him* earst mar ris waskje; Lit *har har* dochs alle moarnen skeare; Lit *my my* net lulk meitsje; Lit *ús ús* sjen te rêden. Yn de folkstaal wurdt it dan gauris: Lit *hy him* earst mar ris waskje; Lit(te) *se har* dochs alle moarnen skeare, ensfh.

Minder ferset ûnderfynt sa'n reduplikaasje foar 't neist as it twadde wurd fersterke wurdt mei it oanhingsel '-sels'. Sinnen as 'Lit *him himsels* mar rêde; Lit *har harsels* mar fermeitsje; Lit *my mysels* net yn 'e fingers snije; Lit *ús ússels* net weismite' binne, út oarsaak foaral fan aksintferlizzing en sinritme, lang sa ûnoannimlik net.

Ferset tsjin ferdûbeling is der ek as yn hjittende sinnen oan it eigentlike foarwerp de *besitlike* foarnamwurden 'ús' en 'har(ren)' foarôfgeane, bgl.: Lit *ús ús* bêst dwaan; Lit *har har(ren)* bern sels mar grutbringe. Yn sokke gefallen hat de sprekker of skriuwer oanstriid en brûk de foarms 'lit(te) wy' en 'lit(te) se'. Neffens Tamminga moat de skriuwer no mar neffens de eigen goede smaak en taalgefoel in kar meitsje.

Gjin foarnamwurdlike ynterferinsje, mar wol in oar raar ynslûpsel is te finen yn sinnen as: \*En *lit* dy man no deselde namme hawwe as ik!; \*En *lit* no dat kongres te Ljouwert op deselde dei falle as de útrikking fan de Joast Halbertsma-priis!; \*En *lit* ik (!) no dat almenak fan 1932 sels yn 'e kast hawwe!; \*Doe dêrhinne en *lit* no dy boekhanneler de stêd út wêze en de kaai meinommen hawwe; \*En *lit* har dêr no de priis mei winne. Foar it werjaan fan sokke gefoelsmodaliteiten brûkt it Frysk oare middels as dat Hollânske rattelmansreau: En wie dy boekhanneler *net* krekt de stêd út (mei in iroanysk-freegjende ûntkenning); En *sjochdêr*, wûn se der no *net* krekt in priis mei? (fersterke mei in *ynterjeksje*); En dêr kaam ik *my* de jûns mei in jonge knyn thús (mei help fan in saneamde *etyske datyf*); En *hoe kin 't sa* (*treffe*), dat kongres falt op deselde dei as de útrikking fan de Joast Halbertsma-priis!; En *dan te witten* dat ik dat almenak fan 1932 sels yn 'e kast haw!'. It is fan belang en jou by it skriuwen omtinken oan dy ynterferinsje.

7. Yn sinnen as: Is dat mem *harres*?; Dat is heit *sines* (*sinen(t)*) giet it om tige Fryskeigen genityffoarms fan **besitlike foarnamwurden**, dy't selsstannich brûkt wurde: dat is *uzes*, *jimmes*, *jowes*, *harres*, *mines/minen(t)*, *dines/dinen(t)*, *sines/sinen(t)*. Binne dat dyn boeken? – Nee dat binne *sines/sinen(t)*; *Mines/minen(t)* lizze hjir.

Om in húshâlding of famylje oan te tsjuten wurdt fakentiids de meartalsfoarm fan it *besitlik* foarnamwurd brûkt, ek as de sprekker of de oansprutsen persoan iennichst bern is: Ik (iennichst bern) gean nei *ús* heit en mem (yn it Hollânsk oer dat 'mijn vader' ensfh. wêze). Hoe is 't eigentlik mei *jim* omke-en-dy, ju? (de oansprutsen persoan kin de iennichste omkesizzer wêze).

As yn ferbinings as 'pake-en-dy' it elemint *har* as besitlik foarnamwurd opfette wurdt, dan giet de predikative of substantivyske foarm op *-harres* út: Is dat hûs pake-en-dy *harres*? (predikatyf) - Nee, pake-en-*harres* is ferkoft (selsstannich).

8. Yn de skriuwtaal komt de genityf *jins* foar: *Jins* freon (stalke), *Jins* tsjinner, lyksteande mei *jo*, dat wat gemiensumer is.

9. In oare idiomatyske bysûnderheid fan it Frysk hawwe wy yn de sinnen: Wy binne thús mei *ús* fiven (ferl.: Jim(me) binne mei *jim(me)* fiven; Hja/sy binne mei *har(ren)* fiven); Wy dogge it mei *ús* beiden en hja dogge it mei *har(ren)* beiden (tegearre). In Hollanner seit ornaris 'met z'n beiden', 'met z'ijn/z'n vijven'. *Syn* soe yn de Fryske foarbylden dus in ynterferinsje wêze (sjoch: *Op 't aljemint*, s. 300).

10. Yn de sin 'Uze skoalle is ferboud' is de foarm mei *e* sûnder mis ûntliend oan it Hollânsk. It is dus in (morfologyske) ynterferinsje.

### 7.3.5. Opdracht foarnamwurden

1. Lês (thús) út *Tiidwurden* (par. 2.2, s. 11 en par. 3.2, s. 16) de opmerking oer de *hoflikheids*foarm *jo*: de notiid by meartal en *jo* is yn prinsipe de ynfinityfoarm.

2. Bepaat mei-inoar yn de groep hokfoar foarnamwurden oft *jo* (en de oaren) oant no ta net brûkten of ferkeard brûkten. Gean de oarsaken nei.

3. Wat wurdt *jo* standert by dûbelfoarms as *mines/minen/minent*; *dines/dinen/dinent*; *sines/sinen/sinent*?

4. Set ris oer yn it Frysk:

- Brengt u/jij me naar huis? (de heit wurdt oansprutsen troch syn soan)
- Ik weet niet of u/jij wel gelijk hebt. (omke wurdt oansprutsen troch syn omkesizzer)
- Opa, kunt u/kun jij me even helpen? (pake wurdt oansprutsen troch syn pakesizzer)

5. Wat seit *jo* 'taalgefoel en goede smaak' as it giet om sinnen lykas: Lit *him him* earst mar ris waskje; Lit *har har* dôchs alle moarnen skeare; Lit *my my* net lulk meitsje; Lit *ús ús* sjen te rêden; Lit *hy him* earst mar ris waskje; Lit (te) *se har* dôchs alle moarnen skeare; Lit *him himsels* mar rêde; Lit *har harsels* mar fermeitsje; Lit *my mysels* net yn 'e fingers snije; Lit *ús ússels net* weismite'; Lit *ús ús* bêst dwaan; Lit *har har(ren)* bern sels mar grutbringe. Wat is de reden fan *jo* kar?

6. Betink ris in sin mei 'men' as dat wurd *de sprekker ynslút* en ien as de sprekker *allinnich himsels* bedoelt. Betink ek in Hollânske sin dêr't 'men' allinnich op oare lju slacht (dus *eksklusyf* de sprekker/skriuwer) en set dy oer yn it Frysk.

### 7.3.6. Taaleigen en taalregels út *Mei freonlike groetnis*

Lês globaal de siden 101-115 troch en meitsje oantekens. Jou wat ekstra omtinken oan:

- *skrapke*: De Haan seit dat tusken haadsinnen mei in bynwurd allinnich in skrapke komt as de sinnen lang binne (s. 106). No is it net maklik om it iens te wurden oer wat lang en wat koart is. Dêrom soe ik yn de foarbyldsinnen dy't er jout, wòl in skrapke sette foar de bywurden *mar* en *want*.

### 7.3.7. Opdracht út *Wurdlis foar it offisjele ferkear*

Learmiddel: *Wurdlis foar it offisjele ferkear* (1989).

A. Wat is (binne) it (de) Fryske wjergader(s) fan:

- |               |                    |
|---------------|--------------------|
| 1. cederen    | 4. context         |
| 2. compareren | 5. cover-story     |
| 3. conform    | 6. credietbewaking |



7. daadkrachtig
8. daadwerkelijk
9. dagdeel
10. deadline
11. deelarbeid
12. deelgerechtigd (zijn)
13. derhalve
14. dievegge
15. doe-het-zelver
16. doelmatigheidstoetsing
17. doodverven
18. doorprikken
19. doorzonkamer
20. draaicirkel
21. duidelijkheidshalve

22. echtelijke woning
23. een eenmalige verpakking
24. voor een eensluidend afschrift
25. eerstelijnszorg
26. eindraming
27. gericht op enig rechtsgevolg
28. wij bezitten de expertise en ervaring
29. fastener
30. fatterig
31. feature
32. feedback
33. fiatteren
34. fijnschalig
35. flip-over

B. Sykje (thús) de Fryske ekwivalint(en) fan:

1. verborgen gebreken
2. in gebreke blijen
3. gedaagde
4. geding
5. kort geding
6. gedrag
7. gegrond (wat is der mis mei 'terjochte'?, sjoch ek par. 7.3.8.)
8. gegrondverklaring
9. gelduitgifteautomaat
10. geleide economie
11. geleidebiljet
12. gelet op
13. mede gelet op
14. gelijkgerechtigd
15. geluidshinder
16. in gemeenschap van goederen
17. ten genoegen van ...
18. in eigen gebruik en genot
19. gerechtigd zijn
20. een geremd persoon
21. een gericht beleid
22. gericht bezig zijn

23. geschakelde woningen
24. schuldloos gescheiden
25. geschillen van bestuur
26. een gestrekte hoek
27. verklaring van getrouwheid
28. een gevleugeld woord
29. dat heeft tot gevolg
30. gevonden voorwerpen
31. gewag maken van
32. gewetensbezwaarde
33. gezworene
34. ghost writer
35. dat is een giller
36. glijdende werktijden
37. te goeder trouw handelen
38. grip hebben op een zaak
39. groene golf
40. groenstrook
41. een grove fout
42. een grove nalatigheid
43. de begane grond
44. ten gunste van

### 7.3.8. Griemank út Op 't aljemint of oare boarnen

*in takke fan in kamrêd*

In 'tandrad' of in 'tandwiel' is yn it Frysk in *kamrêd* (en net in *\*tosktsjil* of soksawat!). De 'tand' sels (fan in seage of *rêd*) is in *takke*: In *takke* tebek moatte ('op zijn nummer gezet (moeten) worden; in rang achteruit gezet worden').

'*tandestoker*'

In 'tandestoker' is yn it Frysk in *toskpluzer*!

*tantsje*

It Hollânske 'iemand polsen' is yn it Frysk ien/immen *tantsje* (*hifkje*, *ûnderstean*), witte wolle hoe't immen hjir of dêr oer tinkt. *Tantsje* betsjut dus 'uithoren, ondervragen, polsen'.

It Fryske *polskje* is ornaris 'klotsen':

1. 'Met een stok een vloeistof in beroering brengen': Yn it wetter *polskje*; Yn 'e tsjerne *polskje*; It bloed *polsket* yn 'e ieren.
2. 'waden': Troch it wetter, de some *polskje*.

*telâne, terjochte en teplak*

By it brûken fan *telâne* tinkt men winliken altyd oan in beskaat, *konkreet plak*. It wurd is faak ferbûn oan it tiidwurd 'komme': De kat *komt* op syn poaten *telâne*; Se *kamen* úteinlik yn Amearika *telâne*; Wêr is dat brief op 't lêst *telâne kommen*? Yn ferbining mei 'komme' is by boppesteande foarbylden ek it brûken fan *terjochte* mooglik.

*Telâne* past almeast nèt by tiidwurden as 'wêze', 'kinne', 'helpe' en 'lizze', dan wurdt it *terjochte*: Bin ik hjir *terjochte* by de famylje Smit?; Se koe net earder as tsien oere op har hotelkeamer *terjochte*; Foar jo jildsaken kinne jo *terjochte* by de Fryslânbank; De kategisant miende dat Jupiter in bibelsk persoan wie, mar dominy holp him *terjochte*; Hoechst it bêd net op te meitsjen, lis it allinnich mar wat *terjochte*.

Yn de ferbinings 'terjochte komme' en 'terjochte reitsje', mei de betsjutting 'ynoarder komme', hat dizze foarm it monopoalje: Dy rûzje komt wol wer *terjochte*; Alles komt *terjochte*, útsein de fersûpte dûbeltsjes; Nei in pear oeren krige de smid de stikkene meanmasine wer *terjochte*; As sa'n gerssilo begjint te fersakjen, dan is er hast net wer *terjochte* te krijen.

Behalven 'telâne' en 'terjochte' kin men by hiel wat tiidwurden it predikaatsnomen 'teplak' ynskeakelje, benammen as der in dúdlik plakbeskiedende funksje mei anneks is: Wy *binne* oer in goed oere *teplak* (teplak wêze); Wol ik jo efkes *teplak* bringe (teplak bringe)?; Ik moast him oars al kenne, mar ik koe him sa gau net *teplak* bringe; De bêste brieven komme nea *teplak* (fersrigel Gerben Brouwer); Wy rekken op 'e foarste rige stuollen *teplak* (teplak reitsje); Haverschmidt wie as dominy yn Foudgum eins ferkeard *teplak* rekke; De koster helpt it bline wyfke alle sneinen yn tsjerke *teplak* (teplak helpe); De faam sette alle stuollen wer *teplak* (teplak sette); Do moastst dy bern ris goed *teplak* sette (= terjochtwise).

Yn de measte gefallen docht út de foarbylden wol bliken dat konstruksjes mei 'teplak' hast altyd, in mannich mei teffens figuerlike betsjutting útsûndere, in *lokalisearjende* funksje hawwe. In sin as \*'It filologekongres is yn *It Aljemint*, dat as jo belangstelling hawwe, dan kinne jo dêr *teplak*' is nèt goed, want 'teplak' lit him no ienris net ferbine mei 'kinne'. It hie 'terjochte' wêze moatten. In sin as 'Wy kinne dêr om healwei tsienen *teplak*' [wêze], kin wol, omdat in diel fan it predikaat ferswijd wurdt, ntl. 'wêze'.

Ynterferinsjes binne foarms as \*'terjocht(e)' en \*'te'n ûnrjochte'. Tamminga (*Op 'e taelhelling I*, 182) seit der it folgjende fan: 'Wól de kant fan it hollânisme oer skaeije foarmen as 'torjocht' en 'ûnrjochte'; ûnnedige ûntliende oersettingen fan Ned. 'terecht' en 'ten onrechte', hwant yn it Frysk kinne wy ús der skoan sá mei rêdde: '*Mei rjocht en reden* hat er dat oanbod ôfslein; Wie dy beskuldiging wol wier en *rjochtlik*?'; De UNO krige fan de kant fan Chroesjtsjof *ûnrjochtlik* it forwyt fan partidichheit'. Brike flaters as \*'Dy beslissing is *terjocht(e)* nommen' en \*'Wat de direkteur sei, is *ûnterjocht(e)*' hearre *mei rjocht (en reden)* net thús yn it Frysk. Yn ús taal hawwe se in *ûnrjochtlik* plak ynnommen.

\*'tensij' en \*'tidens'

\*'tensij' is gjin Frysk bynwurd. It moat yn it Frysk sa sein wurde: *of it moat/ moast wêze dat* ('tenzij'); Ik gean mei, *of it moa(s)t (sa) wêze dat* it reint (= as it nèt reint, dan gean ik mei); Se binne ferlern, *of it moa(s)t (sa) wêze dat* der in wûnder bart (= as der gjin wûnder bart, binne se ferlern); Ik begryp net hoe't er der útkommen is, *of it moast wêze dat* ien him holpen hat. Ek wol: [...], *of it soe reïne moatte*; [...], *of der soe in wûnder barre moatte*; [...], *of ien soe him holpen hawwe moatte* ...

'Tenzij' kin ek in ferhâldingswurd ('voorzetsel') wêze: 'Ze zijn alle dagen open *tenzij* 's zondags', se binne alle dagen iepen, *behalve(n)/útsein* sneins.

\*'Tidens' sit in Hollânsk luchje oan en heart yn it Frysk winliken net thús. It wurd is yn WB-I en II dan ek net te finen. It kin goed omsyld wurde: 'Tijdens de vergadering', *ûnder* de gearkomste; 'Tijdens de oorlog', yn 'e oarloch; 'Tijdens zijn verblijf', *doe't* er hjir tahold, 'Tijdens de ziekte van mijn broer', *doe't* myn broer siik wie, *by* de sykte fan myn broer.

*tinke om* \*'oplette'

\*'Oplette' is in hollânisme dat ek bêst mijd wurde kin:

1. 'Acht geven, goed toezien, aandacht hebben voor', derom tinke, goed tasjen. 'Je moet goed opletten wat hij doet', moastst der goed om tinke, goed tasjen, wat er docht; 'Let op', tink der om!; 'Let nu goed op, ik doe het één keer voor', tink der no goed om, ik doch it ien kear foar.
2. 'Aandachtig luisteren, zich moeite geven wat men hoort op te nemen en te verwerken', derby wêze, de kop, jins omtinken derby hawwe; Als je niet goed oplet, begrijp je er aanstonds niets meer van', asto der net by bist, dyn omtinken der net by hast, begrypst der aansen neat mear fan; 'Zich dwingen op te letten', der kop derby skuorre.

3. ‘Oppassen’, Moatst tenei better oppasse; Moatst oppasse, derom tinke, datst him neat fertelst; Pas op, tink der om, oars falst; By him moatst goed oppasse! (‘op je hoede zijn’); Do moatst goed op him passe (‘goed op hem letten’).

*touter en skommel*

1. ‘Bepaald kinderspeelgoed’, touter, soeie(r), weefop.
2. ‘Dikke vrouw’, skommel.
3. ‘Een vreemde snuiter’, in rare skommel. *Skommel* brûkt as boartersreau is in *semantyske* ynterferinsje.

*Tuseart(e)(n)*

‘Sperziebonen, slabonen, prinsessenbonen’, (griene) beantsjes, grieniters, pûltsjes, spar(re)beantsjes, weakskyldde beantsjes, prinsessebeantsjes, tusearte(n). Oarspr.: *Turkske earte*; ferl. *stienseweit* of *stynske weet* (= maïs) út ‘Westsynjeske weit (weet)’. *Tusguod*: alle soarten lytse earte en beane (sj. *Op ’t aljemint*, s. 314 en WB-I).

### 7.3.9. Taalsoarch; folchoarderproblemen: *Set it \*net dêrop!*

Yn de foarige les haw ik benammen folchoarderswierrichheden mei **hji** en **dêr** op it aljemint brocht. Wy hawwe sjoen dat it yn it Frysk somtiden kreker komt as yn it Hollânsk. **Hji** en **dêr** steane foar yn sintsjes as: Kom **hji** *net*; Sy wennet **dêr** *hielendal*; Do bliuwst **hji** *mar*. Yn it Hollânsk kin de skeane wjergader ek foar **hji** en **dêr** stean. Sterker noch, dat is de folchoarder dy’t ik winliken altiten hear fan ‘Hollanners’ of fan minsken dy’t **dêr** tige *troch* beynfloede binne. No’t ik dy lêste sin mei ‘dêr tige troch’ delskriuw, komt fuort de fraach op oft ik ek skriuwe kinnen hie: ‘of fan minsken dy’t **dêr***troch* tige beynfloede binne’?

**Dêr**mei hawwe wy it probleem fan dit stikje te pakken. Meie wy yn it Frysk sizze en skriuwe: Kin dat *even hjirop* stean?; Hat er in reisgids **dêroer**? Lis it *mar hji*ryn!; Doch dat *net dêrefter*!; Sil ik in skjinne handoek **der**by lizze?

*Foarnamwurdlike bywurden*

Boppesteande **fet**+ *skean*printe kombinaasjes wurde *foarnamwurdlike bywurden* neamd. Dy beide grammatikale termen sille de measte lêzers grif net folle (mear) sizze. Se binne ek net botte trochsichtich. Dêrom in koarte útlis. Foarnamwurdlike bywurden hawwe de *funksje* fan in *bywurd* en kinne omskreaun wurde mei in *ferhâldingswurd* (*foarsetsel* of *eftersetsel*) plus in *foarnamwurd*. Sa kin it foarnamwurdlik bywurd **der**yn omskreaun wurde mei it ferhâldingswurd *yn* en it foarnamwurd *it*: *yn it*. Op deselde wize kin men **dêr**fan omskriuwe mei *fan dat*, **hji**mei wurdt dan *mei dit*; **wêr**ta = *ta wat*; **earne** fan = *fan eat*; **nearne** om = *om neat*; **oeral** boppe = *boppe alles*.

Foarnamwurdlike bywurden wurde benammen foarme út de *bywurden* (fan plak) **der**, **dêr**, **hji**, **earne**, **nearne**, **oeral** (**rûnom**) en in *ferhâldingswurd* (lykas: *yn*, *fan*, *mei*, *ta*, *om*, *boppe*). In *foarnamwurd* nimt eins it plak yn fan *wat oars*. Mei oare wurden: in *foarnamwurd* stiet foar (= yn it plak fan) in ‘namwurd’ (‘zelfstandig naamwoord’: haadwurd of haadwurdgroep). Yn de kombinaasje ‘fan dat’ kin *dat* bygelyks in *taffeltsje* (‘namwurd/haadwurd’) wêze; yn ‘ta wat’ kin *wat* yn it plak fan *de takomst* stean; yn ‘om neat’ kin *neat* in *ûnnoazel grapke* wêze, ensfh. *Foarnamwurdlike bywurden* binne sadwaande winliken in alternatyf foar in *ferhâldingswurd* mei in *foarnamwurd*.

Yn it Hollânsk hear ik fan ‘echte Hollanners’ almeast de net-spjalten fariant: Hij leek *daarmee* niet tevreden; *Daaraan* durf ik niet te denken; *Hiermee* kun je de vlekken wel uitwissen; Hij zei, dat hij *daarmee* zat. De spjalten fariant is yn dy taal lykwols èk tastien: Hij leek *daar* niet tevreden *mee*, ensfh.

Yn it Frysk leit dat oars. Us taal hat neffens Jarich Hoekstra (‘In nijsgjirrige folchoarderbeheining yn it Frysk en it spjalten fan foarnamwurdlike bywurden’, yn: *Philologia Frisica*, anno 1993, Ljouwert, 1994, s. 116-119) ‘in hiele sterke oanstriid om foarnamwurdlike bywurden te spjalten’. It begrutlike is dat ûnder ynfloed fan it net-spjalten yn it Hollânsk Frysktaligen begjinne (kinne) te twifeljen oan de Fryske folchoarder (syntaksis) en sadwaande gauris de net-spjalten fariant brûke: **hjirop**, **dêroer**, **hji**ryn, **dêrefter**, **der**by, ensfh. Dêr sil dus mear omtinken foar komme moatte foar de eigen taalregels yn de metoaden foar skoallen en kursussen.

*It spjalten fan foarnamwurdlike bywurden yn it Frysk*

Ik rin in stikmannich mooglikheden mei **hji** en **dêr** bydel (dy mei ien of twa stjerkes achtsje ik [tige] ûnfrysk):

- Kom **hji** *ris yn* (\**ris hji*ryn)!
- Lis dyn beurs **dêr** *mar op* (\**mar dêrop*)!
- Hja hinget **hji** *ien njonken* (\**ien hji*rnjonken).
- Hy wie **dêr** net tefreden **mei** (\**dêr*mei *net*/\**net dêr*mei).
- **Dêr** doar ik wol **oan** tinke (\**dêroan wol*/\**wol dêroan*).
- Kinst de plakken **hji** *wol mei* skjinmeitsje (\**hji*mei *wol*/\**wol hji*mei)?
- Do hoechst **dêr** *net* mear **op** te rekkenjen (\**dêrop net* *mear*/\**net mear dêrop*)!

Inkelde sinnen dy't mei *dêr* begjinne:

- **Dêr** doch ik it **foar** (\***dêrfoar**).
- **Dêr** praat ik graach oer (\***dêroer**).
- **Dêr** streamt it wetter **út** (\***dêrút**).
- **Dêr** is it folle better **foar** (\***dêrfoar**).
- **Dêr** leit it **efter** (\***dêrefter**).
- **Dêr** leit it net **oan** (\***dêroan**).
- **Dêr** bliuwt it **by** (\***dêrby**).
- **Dêr** waard er siik **troch** (\***dêrtroch**).

Inkeld is it oars en moat der net spjalten wurde:

- Se leit it **dêrnjonken** (\***dêr it njonken**). Dit foarbyld mei it ûnbeskate foarnamwurd *it* komt oerien mei dat les 6: Hy hinget *it dêr* (\***dêr it**). Flaters sille der grif net mei makke wurde, omdat yn it Hollânsk ek mar ien folchoarder mooglik is: Zij legt *het daarnaast*.

*Styl en Stavering*

Douwe A. Tamminga sinjlearret de swierrichheden op it mêd fan it al of net spjalten fan foarnamwurdlike bywurden mear as in heale ieu lyn al yn in oefening yn syn bekende taalboekje *Styl en Stavering* (Wolters, Grins/ Batavia, 1948, s. 60). Hy lit 20 gearstalde sinnen mei in *ûnderskikkende* sinferbining (haadsinnen mei betreklike bysinnen) út it Hollânsk wei oersetten yn it Frysk:

- Het huis, **waarin** ik woonde, was al eeuwen oud.

Sokke foarnamwurdlike bywurden, dy't betreklik brûkt wurde, komme yn it Frysk *by foarkar* ek spjalten yn de sin foar. Taalwarder Tamminga ferwachtet dêrom as oersetting;

- It hûs, **dêr't** ik yn wenne, wie al ieuwen âld.

De ûnderskikking is yn it Frysk moai te sjen oan (**dêr +**) **'t**.

Noch inkelde foarbylden út *Styl en Stavering*:

- De ladder, **waarop** hij stond, begon te kraken.

Tamminga ferwachtet grif: De ljedder, **dêr't** er *op* stie, begûn te kreakjen.

- De toekomst, **waarvan** zij droomde, scheen erg rooskleurig/De takomst, **dêr't** se *fan* dreamde, like tige hoopfol.
- De reden, **waarom** jullie het deden, was niet praktisch/De reden, **dêr't** jimme it *om* diene, wie net praktysk.
- Het verleden, **waaraan** wij dachten, had ook zijn mooie zijden/It ferline, **dêr't** wy *oan* tochten, hie ek syn moaie kanten.

#### 7.4. Eigen wurk (30-45 min.)

Behoffenje wer mei jimme twaen of trijen ien of twa eigenmakke teksten.

## Korreksjebled(en) opdrachten les 7

### 7.1.1. Staveringsopdracht

*Korreksje:*

- A. stienkrobbe (Holl.: ‘pissebed’, ‘kelderrot’), beamwâl, soallen, stuoelmakker, stuolkje, keammerke, buorkerij, doarren, puollen, skieppeflues, kiezzich, minderjierrich, hurdhearich, leaver, triedderich, peallen, hoazzen, huodden, hoasfuotlings, healwei, boaskje, kroadfol, priemmen, strjitte, jiske, jerke, hjeljûn, ôfeart, ynearsten, gnoarich
- B. kaaibosk, autokaike, maitiid, skroei, sloaie, rampoai, hoaie en troaie, Sieuwen, Hebriusk, mieu (miuw [TaalHelp], meau), kieu (kiuw [TaalHelp], keau), triuwe, liuw, sleau, greau, reauke, bliuw, bleau, bleaun, neonte

Sjoch ek *Staving*, les 14. Yn it gefal fan *mieu/miuw*, *kieu/kiuw*, *Lieuwe/Liuwe* jouwe Dykstra en de TaalHelp de foarkar oan de *iuw*-staving!

- C. paublau, mouwe, frou, fûgelkouwe, in geld touke (in ienjierrige geit of in ienjierrich skiep) dat net befruchte is (in melk touke hat al lammen; in foal, drachtich touke is al befruchte), yn 'e souwe lizze (oan 'e kanten heger lizze as yn 'e midden), it wetter sousket (it focht parset him omheech), sausyske, mauket, fauteuil, dau(we)striker (persoan dy't ûnder it rinnen syn fuotten nei bûten keart mei in meanende beweging), daukert (dauwjirm, 'regenworm'), douk (ôfslútpin), bauwet (bauje: wyld drave fan kij trochdat se stutsen wurde), auberzjine, wouter (laam dat of fôle dy't grutbrocht wurdt sûnder de mem; Holl.: 'leplam, potlam; lepveulen'; grutte wouter datsto biste [in sûch wêze]; hy is in wouter of in skiep [in goede sulle wêze])

### 7.2.1. Tiidwurde-opdracht

Ferlykje jo ferbûging fan de tiidwurden *plichtsje* oant en mei *rite* mei dy yn *Tiidwurden* (s. 53-55) en de *Beknopte Friese vormleer* (s. 63-64). Doch itselde mei de tiidwurden *riuwe* oant en mei *slaan* (*Tiidwurden*, s. 56-58; *Beknopte Friese vormleer*, s. 64-66).

### 7.2.3. Tiidwurde-opdracht: skiedber of ûnskiedber

*Korreksje:* skodholle, planksile, ier(d)appelskylt, noasblet, strjitwjuddet; komt my net alle dagen oer, lizze wy alle dingen mei-inoar oer, in ramp foar te kommen, sjocht de foarnimmens no troch, hearre wy inoar net oer; (te) brieskriuwen, teedrinke, kaartspylje, blomkesykje, toskboarstelet, skuonpoetst(o)/skuonpoetst do, pianospilest(o)/pianospilest do, fuotfage, beiploaatsje, krantlies; socht de buert troch, stek dy troch, fregest my oer, stean de stoarm troch; itensiedt se, skûtelwosken de jonges; weakket de grûn troch, brik alle stellings troch, lûkt troch de spûns (hinne), beaen Him oan; autowaskjen; seach it artikel oer, net oer te sjen

Lês by swierrichheden ek par. 5 fan *Tiidwurden* troch.

### 7.3.3. Opdracht mei foarnamwurden

*Korreksje:* har(ren), ús skoalle, har(ren) fiven, dejinge dy't, lit ús, wat (eat), har(ren) fakânsje, ús mem, jim(me), him skeare, moat er, libben se (de lju, de minsken)

### 7.3.5 Opdracht oansprutsen persoan

*Oersetting:* Bringt *heit* my nei hûs, [*heit*]?: Ik wit net oft *omke* wol gelyk hat, [*omke*]; *Pake*, kin *pake* my efkes helpe, [*pake*]?

### 7.3.7. Opdracht út de Wurdlist foar it offisjele ferkear

*Korreksje:*

- A
1. oerdrage, ôfstân dwaan fan;
  2. komparearje, ferskine;
  3. neffens;
  4. kontekst, omtkest, ramt, ferbân;
  5. omslachferhaal;
  6. kredytta(fer)sjoch;
  7. krêftd(i)edich, krêftich;
  8. werklik, feitlik, echt;
  9. part fan 'e dei;
  10. kapdatum;
  11. diel(tiid)wurk;
  12. rjocht fan meipartsjen (hawwe);
  13. dêrom, sadwaande, út/om dy reden;
  14. dievinne;
  15. selsdogger;
  16. it hifkjen fan 'e doelmjittigens;
  17. hâlde foar;
  18. trochprripe;
  19. trochskynkeamer;
  20. swaaisirkel, kriemsirkel, draaisirkel (fan in kraan);
  21. foar alle dúdlikens;
  22. mienskiplike wenning;
  23. weismitersferpakking;
  24. foar in krekt-en-gelyk ôfskrift;
  25. primêre soarch;
  26. einrûzing;
  27. mei hokfoar rjochtsgefolch ek, dat ien of oar rjochtsgefolch hat;
  28. wy hawwe de (saak)kundigens en ûnderfining;
  29. fêstsetter;
  30. darkerich;
  31. skaaimerke;
  32. weromkeppeling;
  33. goedkarre, jins tastimming jaan, tastimme, fiattearje;
  34. lytsskalich;
  35. omflapboerd
- B
1. stille, ferhoalen, ferburgen lekken en brekken;
  2. yn fersom wêze, bliuwe, jins plichten net neikomme;
  3. foaroppene, dage persoan;
  4. pleit, proses;
  5. koart pleit;
  6. hâlden en dragen;
  7. grûndearre, jildich;
  8. grûnichferklearring, ferklearring fan grûndearre wêzen;
  9. jildautomaat;
  10. stjoerde ekonomy;
  11. begeliedend

biljet; 12. mei it each op, mei achtslaan fan. 13. ek fanwegen, ek sjoen, ek rekken hâldend mei; 14. lykberjochtige; 15. lûdoerlêst; 16. mienskip fan goed, mei mien goed; 17. om [...] tewille te wêzen, om [...] in plezier te dwaan; 18. in eigen gebrûk en profyt; 19. it rjocht hawwe, macht en foech hawwe; 20. in tebekhâldend, ynbannich persoan, in stiif, steil persoan; 21. in doelfêst belied; 22. mei doel dwaande wêze, doelbewust dwaande wêze; 23. skeakelwenten, -wennings; 24. bûten skuld skieden; 25. skelen fan bestjoer; 26. in strekse hoeke; 27. ferklearring fan betrouberens; 28. in bewjukke wurd; 29. dat is fan dy gefolgen; 30. weibrocht guod; 31. gewach meitsje fan, melde, te witten dwaan, meidiele, neame; 32. ien mei gewissebeswieren, ien mei gemoedsbeswieren; 33. folmacht; 34. skaadskriuwer; 35. dat is bespotlik, dat is om jin de bûsen út te skuorren; 36. fariabele wurktiden, glydzjende wurktiden; 37. yn goetrou wêze, sûnder ferkearde bedoelings hannelje; 38. fet hawwe op in saak; 39. griene weach; 40. grienstripe; 41. in grouwélige flater; 42. in slimme sleauwigens, sleauwichheid; 43. de sljochte grûn, ûnder ; 44. yn it foardiel fan ('ten voordele van'), ornearre foar ('bestemd voor')